

Middlemarch

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 736 5

1e printinge 2025

© 2025, oersetting Geart fan der Mear

Skriuwer: George Eliot (Mary Ann Evans, 1819-1880)

Oarspronklike titel: Middlemarch. A study of provincial life (1871-2).

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Middlemarch

George Eliot

oersetting Geart fan der Mear



FOARSPUL

Der is gjinien mei in grutte niget oan de skiednis fan de minsk, en hoe't dat mysterieuze mingsel reageart op de ûnderskate eksperiminten fan de Tiid, dy't net, al is it mar even, oan it libben tinkt fan de hillige Teresa, en dêrbij dan net myld glimke hat bij it tinken oan dat lytse famke dat op in moarn hân yn hân mei har noch lytser broerke deropút teach om it martelersskip te sykjen yn it lân fan de Moaren. Dêr gong it hinne op har koarte skonkjes út it ienfâldige Avila wei, mei har grutte eagen en der sa helpeloas útsjend as twa reekealtsjes, mar mei in minsklik hart, dat doe al kloppe op in nasjonaal idee, oant de húslike werklikheid har tsjinkaam yn de foarm fan omkes, en har ôfbrocht fan har grut plan. Dy bernepylgertocht wie in passend begjin. Teresa har hartstochtlik idealistys aard hie ferlet fan in libben as yn in epos: wat stelden no foar in briljant famke dy ridderromânses yn twa-trije tsjokke delen foar en sosjale feroveringen? Har flamme hie samar dy lichte brânstof fertard; en lôge mei ynderlik fjoer heech op nei ien of oare befrediging dy't gjin grinzen koe, nei in doel dat noait mêdens rjuchtfeardige koe, dat wanhoop oer harsels fermoedsoenje soe mei it ekstatys bewustwêzen fan in libben dat boppe it eigen ik útstiigde. Sij fûn har epos yn de herfoarming fan in religieuze oarder.

Dy Spaanse frou dy't trijehûndert jier lyn libbe wie seker net de lêste fan har soarte. Der binne heel wat Teresa's geboaren dy't yn harsels gjin epys libben fûn hawwe mei dêryn jimmer aksje sûnder wjergea; miskien inkeld in libben fan misse setten, fuortkommend út in in sekere geastlike gruttens net passend bij de suterige mooglikheden; miskien in tragys mislearjen dat gjin dichter fûn hat en sa ûnbeskriemd yn de ferjittelens weisonken is. Bij swakke pitsjes en betiid yn de omstandichheden ha sij besocht om har tinken en dwaan yn nobele oerienstimming te bringen; mar achterôf hat har wrakseljen yn de eagen fan gewoane minsken net mear like as healbakken en sûnder doel; want dy letter geboaren Teresa's ha gjin stipe ûnderfûn fan in koherint sosjaal systeem en godstsjinst dy't de rol spylje koenen fan kennis foar de fjurrige reewillige siele. Har entûsjasme waard hinne en wer slingere tusken in faach ideaal en de gewoane langsten fan de frou, sadat it iene ôfkard waard as swier oerdreaun, en it oare feroardeeld as misse setten.

Guon ha oernearre dat dy ûnbehelprige libbens taskreaun wurde moatte oan dy ûnhandige ûnfolsleinens dêr't it Opperwêzen it aard fan de frou mei foarmjûn hat: as der ien nivo fan froulike ûnbekwamens sa

dúdlík wie as it fermogen om net fierder as trije telle te kinnen, dan soe it lot fan de frou as sosjaal wêzen mei wittenskiplike sekueren behandle wurde kinne. Yntusken bestiet dy ûndúdlíkheid noch altyd, en de grinzen fan de fariaasje binne yn werklikheid folle rommer as men tinke soe op grûn fan de ienfoarmichheid fan de hierdracht fan froulju en de favorite leafdesferhalen yn proaza en dichtfoarm. Hjir en dêr wurdt der ûngemaklik in jonge swan grutbrocht tusken de einepiken yn de brune fiver, dy't noait de libbene stroom fynt yn it selskip fan syn eigen breedpoatige soarte. Hjir en dêr wurdt in hillige Teresa geboaren, stichteress fan neat, en har leafdefol hartklopjen en snikken wurdt triljend wei om tusken tûkelteammen fersille te reitsjen, ynstee fan gear te baljen yn ien noch lang nei de tiid yn oantinken bewarre aksje.

BOEK I.

JUFFER BROOKE

HAADSTIK I.

Juffer Brooke hie dat soarte krazens dat troch ienfâldige klean ekstra opfalt. Har hân en pols wienen sa oanfallich foarme, dat sij mouwen drage koe dy't like ûnmoadieus wienen as dy wêryn't de hillige maagd har oan Italjaanse skilders foardie, en har profyl lykas ek har stal en hâlding liken namste mear weardichheid te ûntlienen oan har simpele klean, dy't har nêst de provinsjale moade like yndrukwekkend makken as in treftich sitaat út de bibel – of út ien fan ús âldere dichters – yn in alinea fan in hjoeddeiske krante. De lju praten almeast oer har as ien dy't opmerklik skrandere wie, mar wol mei de tafoeging dat har suster Celia mear sûn ferstân hie. Celia, lykwols, droech amper mear strikjes en kwikjes, en inkeld as men goed seach fernaam men dat sij oars klaaid wie as har suster, en dat sij yn har opskik wat koketterichs hie. Want juffer Brooke har ienfâldige klean wienen ta te skriuwen oan sobere omstandichheden, dy't har suster almeast mei har deelde. De grutskens dat sij dames wienen hie der ek wat mei te krijen: it Brooke-folk, al wie dat no krekt net aristokratys, wie sûnder mis 'goed': as jo ien of twa generaasjes weromsneupten, dan fûnen jo gjin tomstokhantearende of nearingdwaande foarâlden – neat dat leger wie as in admiraal of dominy; en der wie sels in foarâlder te finen as in puriteins hearskip dy't noch ûnder Cromwell tsjinne hie, mar him letter wer skikt hie en deryn slagge wie om út de politike problemen op te dûken as de besitter fan in respektabel famyljelângoed. Jonge froulju fan sa'n komôf, wenjend yn in rêstich húske op it plattelân, en tsjerkjend yn in doarpsstjerkje dat amper grutter is as in salon, beskôgje opskik fansels as de ambysje fan de dochter fan in lapkepoep. En dan wie dêr noch de fatsoenlike sunigens, dy't yn dy dagen op bylkerigens yn klaaiing as earste besunige, as der foar útjeften dy't sosjale status oantsjuten ferlet fan bekrimpen wie. Sokke redenen hienen echt wol folstien om ienfâldige klean te ferklearjen, noch helendal ôfsjoen fan religieuze gefoelens; mar yn it gefal fan juffer Brooke hie godstsjinst allinne wol genôch west om dat te bepalen, en Celia wie brûksum meigien yn alle gefoelens fan har suster, en hie dy inkeld foarsjoen fan wat sûn ferstân dat yn steat is om swierwichtige doktrines te akseptearen sûnder hokker oerspande opwining dan ek. Dorothea koe ferskeidene passaaazjes fan Pascal syn *Pensées* en fan Jeremy Taylor út de holle, en foar har makke it lot fan it minskdom, sjoen yn it ljocht fan it kristendom, de soargen oangeande frouljusmoade ta in saak dêr't it gekkehûs him mei dwaande hold. Sij koe de soargen fan in

spiritueel libben, mei de ivige konsekwinsjes dy't dêrmei anneks wienen, net fersoenje mei in grutte niget oan goudtried en keunstmjittige útstekfels fan wat men oanhie. Har tinken wie teoretys, en longere neffens har aard nei de ien of oare ferheven opfetting fan de ierde, dy't om har ek wol de parochy Tipton omfetsje koe en har eigen hâlden en dragen dêr; sij wie fereale op sterk oansetten manieren fan tinken en grutheid, en oerhastich bij it omearmkjen fan wat dan ek dat har talike dy aspekten te hawwen; sij soe wierskynlik it martelderslot sykje om dêrnei alles wer te werroppen, en om dan toch wer it marteldersskip te sykjen yn in hoeke dêr't sij dat net socht hie. It is wol wis dat sokke kanten oan it karakter fan in trouber famke ynfloed ha kinne op har libbenslot, en derfoar soargje kinne dat soks net bepaald wurdt troch de gewoante, krazens, idelheid, of gewoan de tagedienens as fan in hûn. Alles goed besjoen wie sij, de âldste fan har beiden, noch gjin tweintich, en sij wienen beide, sûnt se sa'n tolf jier wienen en har âlden ferlern hienen, opbrocht neffens plannen dy't sawol bij in beheind wrâldsje pasten as bij in mear farieard libben, earst bij in Ingelse famylje en dêrnei bij in Switsers gesin yn Lausanne, want har ûngetroude omke en fâd hie op dy manier besocht de neidelen fan har libben as wezen te ferhelpen. It wie noch mar amper in jier lyn dat sij op de Tipton Grange kommen wienen te wenjen bij har omke, in man fan tsjin de sechtich, mei in meigeand aard, net alheel dúdlike mieningen, en ûnsekere politike opfettingen. Yn syn jongere jierren hie er in bulte reizge, en yn dy hoeke fan it graafskip fûnen de lju dat er dêr wat in losse styl fan tinken fan skipe hie. Brooke syn opfettingen wienen like ûnfoarspelber as it waar, en it wie inkeld feilich om te sizzen dat er syn dingen mei goede bedoelingen die, en dat er dêrbij sa min mooglik jild útjûch. Want de meast sleauwe en fage geasten befetsje wol in pear hurde klútsjes gewoante, en it is algemien bekend dat in man al syn eigen belangen folslein ferslofje litte kin, behalve as it om it behâld fan syn snúfdoaske giet, dat er sekuer, erchtinkend en stiif yn hannen hâldt.

Yn it gefal fan Brooke wie dy oerurven eigenskip fan puriteinse enerzjy dúdlik ôfwêzich, mar yn syn omkesister Dorothea lôge dy fel op, likegoed yn har minne as yn har goede eigenskippen, wat har soms koartkearich makke bij it praat fan har omke, of syn manier om de dingen op syn langoed 'fersleaukje' te litten, en har namste mear útsjen liet nei de tiid dat sij folwoeksen wêze soe en wat jild ta har foldwaan hie om goede dingen te dwaan. Sij waard beskôge as in ergenamte, want de susters hienen net inkeld elk 700 pûn yn it jier fan har âlden, mar as Dorothea troude en in soan krige, dan soe dy soan Brooke syn langoed ervje, dat wierskynlik

3000 yn it jier wurdich wie – in opbringst dy't famyljes op it plattelân talike in kaptaal te wêzen.

En wêrom soe Dorothea net trouwe? – sa'n kreas fanke en mei sokke foarútsichten? Der wie neat dat soks ferhinderje koe as har foarkar foar utersten, en har oanstriid om it libben yn te rjuchtsjen neffens ideeën dy't in foarsichtich man miskien wifelje litte koenen foardat er har in oansyk die, of har der sels ta liede koenen om úteinlik alle oansiken ôf te wizen. In jongedame fan in seker goed komôf en mei in fortún, dy't samar op knibbels sakke op in bakstiennen flier nêst in sike arbeider, en fjurrich bidde, krekt as tocht se dat sijsels noch yn de tiid fan de apostels libbe – dy't nuvere opstigenen hie om te festjen as in papist, en nachts âlde teologise boeken sitten gong te lêzen! Sa'n frou soe jo wolris op in skoandere moarn wekker meitsje kinne mei in nij plan om har ynkommen te besteden, wat ferstandige sunigens en it hâlden fan rydhinders yn de wei sitte koe: in man soe der fansels wol twaris oer neitinke foardat er him yn sa'n ferbyntenis weage. Froulju waard fan ferwachte dat se der healwize mieningen op neiholden, mar it wie de grutte beskerming fan de mienskip en it húsluk libben, dat mieningen net yn de praktyk brocht waarden. Ferstandige lju dienen wat har buorlju ek dienen, sadat men, as der gekken omrûnen, dy kenne koe en nije.

Oer it algemien hienen de minsken dêr yn de buert, sels bij de ienfâldige lânarbeiders, it meast mei Celia op, omdat se der sa aardich en ûnskuldich útseach, wylst de grutte eagen fan juffer Brooke, lykas ek har godstsjinst, te útwrydsk en opfallend liken. Dy earne Dorothea! Ferlike mei har wist de ûnskuldich útsjende Celia sekuer wat der te keap wie en wie se wrâldwiis – safolle subtiler is de minsklike geast as de bûtenkant, dy't dêr in soarte fan wapenskyld of wizerplaat foar is.

Toch fernamen de lju dy't mei Dorothea yn kontakt kamen, ek al wienen se tsjin har foarynnommen troch dy alarmearende ferhalen oer har, dat se in sjarme hie dy't dêr op ûnferklearbere manier wol bij paste. De measte manlju fûnen har betsjoenend as se hynsteried. Se hold fan frisse lucht en de ôfwikseling fan it lânskip, en as har eagen strielen en har wangen gloeiden fan nocht om al dy dingen, dan like se mar in heel lyts bytsje op in kwezelachtich persoan. Hynsteriden wie in genot dat se harsels nettsjinsteande skuldgefoelens tastie. Se hie it gefoel dat se dêr op in sinlike heidense manier fan geniete, en se seach der altyd nei út om dat ôf te swearen.

Se hie in blier aard, wie gau fol fjoer, en seach absolút net heech bij harsels op. It wie feitlik net ûnaardich om te sjen hoe't sij yn har fantasy

Celia oantreklike eigenskippen tadichte dy't helendal dy fan har oertroffen, en as in hear de Grange besocht mei in oar doel as om menear Brooke te spreken, dan konkludearde se dat er wol op Celia fereale wêze moast. Sir James Chettam bijgelyks, dy't sij altyd wer troch Celia har eagen beskôge, bij harsels oerlizzend oft it wol goed foar Celia wêze soe om him oan te nimmen. Dat dy besjoen wurde moast as ien dy't om *har* hân stike, dat soe har in bespotlike bijkomstichheid talike hawwe. Dorothea, mei al har begearichheid om de libbenswierheden te witten, hie noch altyd o sa bernachtige ideeën oer it houlik. Se wie der wis fan dat se dy ferstandige Hooker oannommen hie, as sij op tiid geboaren west hie om him te rêden fan dy stomme fout, dy't er yn syn houlik makke hie; of John Milton, doe't er blyn wurden wie; of wa dan ek fan dy oare grutte mannen, waans nuvere oanslaggen sij it prachtich fûn hawwe soe om te fernearen; mar in beminlike en kreaze baronet, dy't 'sa is it mar krekt' sei nei har opmerkingsen, sels as sij sei dat se it net seker wist – hoe koe dy har no as minnaar oansprekke? It werklik hearlik houlik moast dat wêze dêr't jo man in soarte fan heit wie, en jo sels Hebreaus ûnderwize koe, as jo dan woenen.

Dy eigenaardichheden fan Dorothea har karakter wienen der de oarsaak fan dat Brooke bij de famyljes yn de buert namste mear der de skuld fan krige dat er der net foar soarge hie dat in dame fan middelbere leeftyd syn omkesisters bijstie en beselskippe. Mar hijsels wie sa bang fan it soarte bazige frou dat nei alle gedachten foar sa'n baantsje beskikber wie, dat er himsels troch Dorothea har beswieren oerreedzje liet, en hij wie yn dat gefal dryst genôch om de wrâld te wjerstean – dat wol sizze, frou Cadwallader de dominysfrou, en it groepke deftige lju dêr't er yn it noardoastlik hoekje fan Loamshire wol oer de flier kaam. Dêrfandinne dat juffer Brooke de skepter yn de húshâlding fan har omke swaaide, en lang net fij fan har nij gesach wie, mei it earbetoan dat dêrmei anneks wie.

Sir James Chettam soe dy deis komme te iten op de Grange, mei noch in oare hear dy't de famkes noch noait troffen hienen, en dêr't Dorothea hege ferwachtingen fan hie. Dat wie de earwearde Edward Casaubon, yn it graafskip bekend as in ôfgrysluk geleard man, en nei't men sei dwaande mei in grut wurk oer godstsjinstskiednis; ek as in man dy't ryk genôch wie om syn frommens glâns te jaan, en mei eigen opfettingen, dy't bij de publikaasje fan syn boek dúdliker nei foaren komme soenen. Syn namme allinne al hie wat yndrukwekkends dy't amper te bemjitten wie sûnder dat men presys wist hoefier't er mei syn stúdzjes al opsketten wie.

Dorothea wie dy deis al betiid weromkommen fan de beukerskoalle

dy't sij yn it doarp opset hie, en gong krekt op har wenstich plakje yn de kreaaze sitkeamer sitten tusken de sliepkeamers yn fan de susters, mei de bedoeling om in ûntwerp ôf te meitsjen foar in pear gebouwen (in wurkje dêr't se in protte nocht oan hie), doe't Celia, dy't har oan sitten hie te sjen mei sa heal en heal de bedoeling om wat foar te stellen, sei: 'Dorothea leave, ast der neat op tsjin hast – ast it net te bannich hast – soenen we hjoed net ris nei mem har juwielen sjen kinne, om se te ferpartsjen? It is no presys seis moanne lyn sûnt omke dy oan dij jûn hat, en do hast der noch net nei taald.'

Celia har gesicht hie wat prúljends, wêrfan't de folsleine oanwêzigens timpere waard troch in wenstich ûntsach foar Dorothea en prinsipes, twa meielkoar gearhingjende feiten dy't op mysterieuze manier foar in elektrys skokje soargen as men dy ûnfoarsichtich oanrakke. Dorothea har eagen wienen aldergeloks ien en al fermaak doe't se opseach.

'Wat in prachtich lyts almenakje bisto toch, Celia! Is dat seis kalindermoannen of seis kear nije moanne?'

'It is hjoed de lêste dei fan septimber, en it wie de earste dei fan april doe't omke se oan dij jûch. Do witst, hij sei dat er dy oant doe ta fergetten hie. Ik wol leauwe datsto der noait mear oan tocht hast, neidatst se yn dat kastke hjir opburgen hiest.'

'No, leave, we soenen se noait drage moatte, witste.' Dorothea prate op in heel hartlike toan, heal flaaikjend, heal útlizzerich. Se hie har potlead yn de hân, en makke ûnderwilens op in papierrâne heel lytse alternative sketskes.

Celia krige in kleur, en seach heel ernstich. 'Ik fyn, leave, dat wij gjin genôch respekt toane foar it oantinken oan ús mem, as wij se sa oan kant lizze en der gjin omtinken oan jowe. En,' sei se noch, nei wat wifke te hawwen, mei in opkommend snikje fan argewaasje, 'halskettinkjes binne op 't heden heel gewoan. En frou Poincon, dy't sels noch stranger yn sommige gefallen wie as dij, dy plichte *wol* sieraden te dragen. En kristenen yn it algemien – der binne no toch seker wol froulju yn de himel dy't ek sieraden droegen hawwe.' Celia besepte dat se frij seker fan harsels wie as se har echt ergens foar ynsette.

'Wolsto se graach drage dan?' rôp Dorothea, mei in ferbjustere hâlding bij dy ûntdekking, dy't har hele lichem dramatis yn beweging brocht, sa't se dat leard hie fan dyselde frou Poincon dy't dy sieraden droech. 'No fansels, foar de tried dêrmei. Wêrom hast mij dat net earder ferteld? Mar de kaaien, de kaaien!' Se drukte de hannen tsjin de sliepen en like absolút net mear te witten wêr't dy wienen.

‘Hjir binne se,’ sei Celia, dy’t dat al lang en breed betocht en taret hie.

‘Lûk dan graach it grutte laad fan de kast mar iepen en helje it juwieledoaske derút.’

Dat kistke lei al gau iepen foar har en de útstalde ferskillende juwielen foarmen in kleurryk blomperkje op de tafel. It wie gjin grutte samling, mar in pear fan dy sieraden wienen echt opmerklik moai, en it earste dat opfoel wie in halskettinkje fan poarperen ametisten, dy’t yn prachtich bewurke goud set wienen, en in krúske fan pearles mei fiif briljantsjes derop. Dorothea krige daalk it halskettinkje op en makke dat fêst om de hals fan har suster, dêr’t it suver like sekuer omhinne paste as in earmbân, mar ek bij de Henrietta-Maria-foarm fan Celia har holle en hals paste, en dat koe se dan ek sjen, yn de penantspegel tsjinoer har.

‘Sjedêr, Celia! Kinst dat bij dyn Indise mûsseline drage. Mar dat krúske moatst bij dyn donkere japonnen drage.’

Celia besocht om net fan wille te laitsjen. ‘Och Dodo, do moatst dat krúske sels hâlde.’

‘Nee hear, nee,’ sei Dorothea, mei in achteloaze ôfkeurende hânbeweging.

‘Ja echt, dat moatst. Dat soe bij dij passe – op dyn swarte japon, no,’ sei Celia mei klam. ‘Do soest dat heel goed drage kinne.’

‘Net foar noch safolle, net foar noch safolle. In krúske is wol it lêste dat ik as snústerijke drage wolle soe.’ Dorothea moatst der suver wat fan huverje.

‘Dan fynst it grif ferkeard fan mij as *ik* dat draach,’ sei Celia ûngemaklik.

‘Nee leave, nee hear,’ sei Dorothea, har suster oer it wang streakjend. ‘Sielen hawwe ek in gesicht mei in kleur. Wat bij de iene past docht dat net bij in oar?’

‘Mar do wolst it miskien wol hâlde om mem.’

‘Nee, ik ha oare dingen fan mem – har sandelhouten kistke dêr’t ik sa mâl mei bin – genôch dingen. Om krekt te wêzen, alles is fan dij, leave. Dêr hoeve we net langer oer te praten. Hjir – nim mar wat fan dij is.’

Celia fjilde har wat kwetst. Dy puriteinse ferdraachsumens hie wat fan in sterk superioriteitsgefoel, foar it blanke fleis fan in net bot entûsjaste suster amper minder dreech te fernearen as in puriteinse marteling.

‘Mar hoe kin ik no sieraden drage asto, as âldste suster, dy noait drage wolst?’

‘Nee, Celia, dat is tefolle frege, dat ik snústerijkes drage soe om wille fan dij. As ik sa’n halskettinkje omdwaan soe, no dan soe ik it gefoel krije as hie ik oan it rûntsjemearren west. De wrâld soe om mij hinne giselje, en ik soe net witte hoe noch rinne te kinnen.’

Celia hie it kettinkje losheakke en ôfdien. ‘Dat soe foar dyn hals wat te

nauw sitte. In ding datst opspjeldzje kinst soe dij better passe,' sei se, mei in sekere tefredenens. Dat it kettinkje yn alle opsichten net foar Dorothea geskikt wie makke Celia gelokkiger om it oan te nimmen. Se makke in pear ringedoaskes iepen, dêr't se in moaie smaragd mei diamanten yn oantrof, en krekt op dat momint kaam de sinne achter de wolken wei en stjoerde dy in heldere striel oer de tafel.

'Wat binne dy juwielen toch prachtich!' sei Dorothea, yn in opwâling, like ûnferwachts as dy striel. 'Nuver, hoe't kleuren jo sa fûl treffe kinne, lykas parfum. Ik ûnderstel dat dat de reden is dat juwielen as spirituele symboalen brûkt wurde yn de Iepenbieringen fan Johannes. Se lykje op stikjes himel. Ik fyn dy smaragd noch it aldermoaist.'

'En der is noch in bijpassende earmbân,' sei Celia. 'Dy hienen we earst noch oer de holle sjoen.'

'Se binne prachtich,' sei Dorothea, en se skode de ring en de earmbân om har elegante finger en pols, en hold se doe op deselde hichte as har eagen foar it rût. Underwilens siet se te betinken hoe't se har grutte nocht oan dy kleuren rjuchtfeardigje koe troch se deel te meitsjen fan har mystike religieuze freugde.

'Do soest se echt moai fine, Dorothea,' sei Celia, frijwat ûnwis fan harsels, want se begûn ferbjistere te tinken dat har suster wat minder oertsjûge fan harsels begûn wie te lykjen, en ek dat smaragden sels noch better bij har eigen teint pasten as poarperen ametisten. 'Do moatst hoe dan ek dy ring en earmbân hâlde. Mar sjuch ris, dy agaten binne o sa moai en falle net te bot op.'

'Ja! Ik hâld dy – dy ring en dy earmbân,' sei Dorothea. Doe, en se liet har hân op de tafel falle, sei se op in oare toan – 'Wat binne dat toch earmoedige minsken dy't sokke dingen fine, en bewurkje, en ferkeapje!' Se wie wer even stil, en Celia tocht dat har suster dy sieraden wer ôfwize soe, wat se dwaan moast as se konsekwint wie.

'Ja, leave, dy hâld ik,' sei Dorothea beret. 'Mar rêd al it oare no mar op, en ek it kistke.'

Se krige it potlead wer op, sûnder de juwielen op te rêden, en seach der noch hieltyd nei. Se tocht deroan om dy faak bij har te hawwen, om har eagen oan dy lytse fonteintsjes fan klearebare kleur te ferlustigjen.

'Wolst se ek drage as der oaren bij binne?' sei Celia, dy't echt nijsgjirrich nei har siet te sjen wat se dwaan soe.

Dorothea seach even fluch nei har suster. Troch har ferbyldingsryk heechsetten fan de persoanen dêr't se fan hold skeat út en troch in striel fan skerp ynsicht, en dy wie lang net noflik. As juffer Brooke oait noch ris

sachtmoedich wurde soe, dan wie dat net omdat der gjin ynderlik fjoer yn har brânde.

‘Miskien,’ sei se frijwat heechhartich. ‘Ik kin net sizze hoe leech as ik sinke sil.’

Celia krige in kleur, en fjilde har ûngelokkich. Se fer naam dat se har suster op it sear kommen wie, en doarst sels net wat aardichs te sizzen oer it geskink fan de sieraden, dy’t se wer yn it kistke stoppe en oprêde. Dorothea wie ek net gelokkich doe’t se fierder gong mei har ûntwerpen, en se betwivele de suverheid fan har eigen gefoelens en wurden yn it tafrieltsje dat mei dy lytse oanfaring ôfrûn wie.

Celia fûn sels dat se absolút neat ferkeards dien hie: dy fraach stelle wie heel fanselsprekkend en goed te praten, en se herhelle tsjin harsels dat Dorothea net konsekwint wie: se hie òf har folslein oandeel fan de juwielen akseptearre moatten, òf nei wat se sein hie dy helendal wegerje moatten.

‘Ik bin der seker fan – teminsten dat leau ik,’ tocht Celia, ‘dat it dragen fan in halskettinkje net myn gebeden yn de wei sitte sil. En ik sjuch net yn dat ik mij oan Dorothea har opfettingen hâlde moat, no’t we ús ûnder de minsken bejaan sille, al moat se dat sels wol dwaan. Mar Dorothea is net altyd konsekwint.’

Dat wie it wat Celia tocht, wurdloas oer har borduerwurk bûgend, oant se har suster roppen hearde.

‘Hjir, Kitty, sjuch ris nei myn bouplannen. Ik sil noch tinke dat ik in grut arsjitekt bin, as myn treppens en stookplakken elkoar net yn de wei sitte.’

Wylst Celia oer it papier bûgd siet streake Dorothea mei har wang oer de earm fan har suster. Celia begriep wat se oan it dwaan wie. Dorothea seach yn dat se ferkeard dien hie, en Celia ferjûch har dat. Sa lang’t se it harsels herinnerje koenen hie der yn Celia har hâlding tsjinoer har âldere suster in mingeling sitten fan kryptyk en ûntsach. De jongste hie altyd ûnder in jok rûn, mar bestiet der ek mar ien jokdragend skepsel sûnder eigen mieningen?

HAADSTIK II.

‘Sir Humphry Davy?’ sei Brooke bij it sop, glimkjend op syn ûntspande manier, yn reaksje op Sir James Chettam syn opmerking dat er Davy syn *Agricultural Chemistry* oan it bestudearen wie. ‘O, krekt, Sir Humphry Davy; ik ha jierren lyn ris mei him dineard bij Cartwright, en Wordsworth wie der ek – de dichter Wordsworth, witt’ je. Dat wie wol in heel nuver gefal. Ik wie yn Cambridge doe’t Wordsworth dêr ek wie, en ik ha him dêr noait troffen – en tweintich jier dêrnei bij Cartwright haw ik mei him dineard. De dingen kinne soms nuver gean. Mar Davy wie dêr ek, ek in dichter. Of, sa’t ik miskien sizze kin, Wordsworth wie dichter ien, en Davy dichter twa. Dat wie yn alle betsjuttingen wier, witt’ je.’

Dorothea fjilde har wat minder op har gemak as ornaris. Bij it begjin fan it diner, yn in lyts selskip en yn in rêstige keamer, foelen dy wissewasjes út it rom ûnthâld fan in magistraat wat tefolle op. Se frege har ôf hoe’t ien as Casaubon sok praat om it praat ferneare kinne soe. Syn manier fan dwaan, fûn se, wie o sa weardich; mei syn stielgriis hier en syn djippe eachkassen like er op it portret fan Locke. Hij hie it meager stal en de bleke kleur dy’t bij in gelearde pasten; safolle as mar mooglik wie ferskillend fan it soarte fan de troch-ende-troch sûn útsjende Ingelsman mei syn reade snor lykas Sir James Chettam.

‘Ik bin *The Agricultural Chemistry* oan it lêzen,’ sei dy poerbêste baronet, ‘omreden dat ik ien fan de boerepleatsen sels bebuorkje wol, om te sjen oft der net wat dien wurde kin om bij myn pachters it goede foarbyld te jaan fan hoe’t buorke wurde moat. Kinne jo dêrmei ynstimme, juffer Brooke?’

‘In grutte fout, Chettam,’ foel Brooke him yn de reden, ‘om jo lân te elektrifisearjen en sa, en fan jo bûthús in salon te meitsjen. Dat komt net goed. Ik ha mijsels oait op de wittenskip smiten, mar ha ynsjoen dat dat niks wurdt. Dan hellest alles oeral en kinst niks mear gewurde litte. Nee, nee – pas der goed op dat dyn pachters har strie net ferkeapje, en sa; en jou se drainearpypkes, witt’ je. Mar dat nijmoadrich buorkjen wurd neat – it djoerste hûnefluitsje dat je keapje kinne: je kinne der likegoed in keppel hûnen fan op neihâlde.’

‘It is toch seker better,’ sei Dorothea, ‘om jild út te jaan om út te finen hoe’t men it lân, dêr’t we allegear fan libje, it produktyfst meitsje kin, as om hûnen en hynders te hâlden om der inkeld mar oerhinne te fjouwerjen. It is gjin sûnde om josels earm te meitsjen om eksperiminten te dwaan foar it algemien wolwêzen.’

Se prate enerzjiker as ferwachte wurdt fan in sa jonge dame, mar Sir James hie har derop ferge. Dy wie wend om dat te dwaan, en sij hie wol gauris tocht dat se him oantrune koe ta heel wat goeddwaan, as dy har sweager wie.

Casaubon hie Dorothea skerp opnommen wylst dy dat sei, en like har mei nije eagen te besjen.

‘Jongedames ha gjin ferstân fan ekonomy, witt’ je,’ sei Brooke glimkjend tsjin Casaubon. ‘Ik wit noch goed dat we allegear Adam Smith liezen. *Dat* is nochris in boek. Ik ha oait al dy nije ideeën yn mij opnommen – dat it minskdom ferbettere wurde kin. Mar der binne guon dy’t sizze dat de skiednis yn rûntsjes draait, en dêr sit heel wat yn. Dat haw ik sels ek wol tocht. It sit sa: it tinken fan de minsk kin jo wat trochdrave litte – oer de hage hinne, feitlik. Dat is mij oait ek wol oerkommen, mar ik ha ynsjoen dat dat net goedkaam. Ik ha oan de leie lutsen. Mar net te fûl. Ik ha altyd wol wat foar in bytsje teory west: we moatte ús ferstân brûke, want oars bedarje we wer yn de midsiuwen. Mar oer boeken praat, dêr ha jo Southey syn *Peninsular War*? Dêr sit ik moarns yn te lêzen. Kenne jim Southey?’

‘Nee,’ sei Casaubon, dy’t Brooke syn ûnferwachte gedachtespronkjes net bijhâlde koe, en inkeld oan it boek tocht. ‘Ik ha sokke boeken op ’t heden net oan tiid. Ik ha de lêste tiid myn eagen bedoarn mei âlde lettertekens; ik ha feitlik ferlet fan ien dy’t mij jûns foarlêze kin, mar ik bin sinnich wat stimmen oangiet, en kin der net oer om nei ien te harkjen dy’t net sekuer foarlêst. Dat is yn sekere sin myn ûngelok: ik libje tefolle fan wat minsken tocht hawwe; ik libje tefolle bij de deaden. Myn holle hat wat fan de geast fan ien út de âldheid, dy’t oer de wrâld swalket en yn gedachten besiket om dy wer op te bouwen sa’t dy wie, nettsjinsteande alle fersal en betiizjende feroaringen. Mar ik achtsje it needsaaklik om uterst noed fan myn eagen te stean.’

Dat wie de earste kear dat Casaubon langer oan it wurd west hie. Hij prate heel sekuer, krekt as wie er útnûge om wat yn it iepenbier te sizzen, en syn evenredige monotoane manier fan praten, út en troch korrespondearend mei in holleknik, foel namste mear op fanwege it kontrast mei de hak-op-de-takkerige styl fan praten fan dy goede Brooke. Dorothea sei tsjin harsels dat Casaubon de meast interessante man wie dy’t se oait moete hie, sels net monsieur Liret útsûndere, de Waldinzer dominy, dy’t taspraken holden hie oer de skiednis fan de Waldinzers. Om in fergiene wrâld wer op te roppen, sûnder mis mei de bedoeling om de heechste wierheid te tsjinjen – wat in wurk om dêr op ien of oare manier bij te wêzen, te helpen, al wie it inkeld mar as lampe-fêsthâlder! Dy ferheffende gedachte wie

genôch om har de ergernis ferjitte te litten fan begekke te wurden om har ûnwittenheid oangeande ekonomy, dy noait-ferklearre wittenskip dy't as in domper oer al har kundichheden set waard.

‘Mar jo meie graach hynsteride, juffer Brooke,’ naam Sir James al gau de kâns waar om te sizzen. ‘Ik soe toch ferwachte hawwe dat jo jo wat ynlibje koenen yn de nocht oan de jacht. Ik woe graach tastimming fan jo ha om jo in kastanjebrún hynder te stjoeren om te prebearjen. It is oan dames wend. Ik ha jo sneon oer in heuvel op in happe drafkjen sjoen dy't jo net wurdich is. Myn stalfeint bringt Croydon elke dei wol nei jo ta, as jo mar de tiid neame wolle.’

‘Tankje wol, heel aardich fan jo. Ik bin fan doel om mei riden op te hâlden. Ik wol net mear ride,’ sei Dorothea, ta dat hommels beslút brocht troch in sekere argewaasje dat Sir James har omtinken frege no't se krekt Casaubon alle oandacht skinke woe.

‘Nee, dat giet te mâl,’ sei Sir James, op in ferwitende toan dy't bliken jûch fan in grutte belangstelling. ‘Jo suster hâldt fan selskwelling, is 't net sa?’ gong er troch, him nei Celia omdraaiend, dy't oan syn rjuchterkant siet.

‘Dat leau ik ek,’ sei Celia, bang om wat te sizzen dat bij har suster ferkeard falle soe, en in reade kleur krijend dy't har like oanfallich stie as har halskettinkje. ‘Se mei harsels graach yn dingen bekrimpe.’

‘As dat wier wie, Celia, dan soe dat in gefal wêze fan mijsels te ferwennen, gjin selskwelling. Mar der binne miskien wol goede redenen om derfoar te kiezen om net te dwaan wat men graach wol,’ sei Dorothea.

Brooke fierde tagelyk it wurd, mar it wie wol dúdlik dat Casaubon syn omtinken bij Dorothea hie, en dat se dat wol fernaam.

‘Presys,’ sei Sir James. ‘Jo bekrimpe josels út ien of oar edelmoedich motyf.’

‘Nee, echt net, hear. Dat haw ik net fan mijsels sein,’ antwurde Dorothea, en se krige in kleur. Oars as Celia krige se selden in kleur, en dat inkeld út grutte nocht of lilken. Op dat stuit wie se lilk op dy aaklike Sir James. Wêrom skonk er gjin oandacht oan Celia, en liet er har net nei Casaubon harkje? – as dat geleard hearskip mar prate woe, ynstee fan himsels troch Brooke tasprekke te litten, dy't him krekt op dat momint siet te fertellen dat de reformaasje wol of net wat te betsjutten hie, dat er sels mei hart en siel protestants wie, mar dat it katolisisme no ienkear in feit wie, en wat de wegering oanbelange om in heal pûnsmiet grûn ôf te stean foar in roomse kapel, no, alle minsken hienen ferlet fan de leie fan de godstsjinst, wat yn wêzen delkaam op de freze foar it hjerneimels.

‘Ik ha oait in djipgeande stúdzje fan de teology makke,’ sei Brooke, as woe er de krektlyn útsprutsen opfetting ferklearje. ‘Ik wit wat fan alle rjuchtingen. Ik ha Wilberforce yn syn bêste dagen kennen. Kenne jo Wilberforce?’

Casaubon sei ‘Nee.’

‘No, Wilberforce wie miskien net echt sa’n grut tinker, mar as ik yn it parlemint sitten gean soe, sa’t men mij wol frege hat, dan soe ik op de bankjes fan de ûnôfhinkliken sitten gean, sa’t Wilberforce ek dien hat, en mij oan de filantropy wijje.’

Casaubon makke in bûginkje, en murk op dat soks heel wat ynhold.

‘Jawis,’ sei Brooke, mei in gemoedlik glimke, ‘mar ik ha dokuminten. Ik bin in heel skoft lyn begûn mei it sammeljen fan dokuminten. Dy moatte noch oardere wurde, mar as ik ergens in fraach oer hie, dan haw ik altyd in briif oan ien skreaun, en antwurd krige. Ik ha dokuminten ta myn beskikking. Mar sis it ris – hoe oarderje jo jo dokuminten dan?’

‘Foar in deel yn fekjies,’ sei Casaubon, wat kjel en mei tsjinsin.

‘O, fekjies wurdt neat. Ik ha it besocht mei fekjies, mar yn fekjies komt alles trochinoar te lizzen: ik wit noait oft in dokumint no bij de A of de Z heart.’

‘Ik woe wol dat jo mij jo papieren oarderje litte woenen, omke,’ sei Dorothea. ‘Dan soe ik se allegear in letter jaan en dan ûnder elke letter in list fan ûnderwerpen meitsje.’

Casaubon jûch mei in earnstich glimke oan dat er dat in goed idee fûn, en sei tsjin Brooke, ‘Jo ha in poerbêste sekretaresse bij de hân, fernimme jo wol.’

‘Nee, nee,’ sei Brooke, skodholjend. ‘Ik kin der net mei begjinne om jongedames mei myn papieren omslaan te litten. Jongedames binne te flitterich.’

Dorothea fjilde har kwetst. Casaubon soe miskien tinke dat har omke in spesjale reden foar dy miening hie, wylst dy opmerking yn syn geast like licht as it brutsen wjukje fan in ynsekt lei tusken al dy oare snypsnaren dêr, en in tafallich sigentsjes dy op *har* delwynderje litten hie.

Doe’t de twa famkes allinne yn de salon sieten, sei Celia: ‘Wat is dy Casaubon toch ûnkreas!’

‘Celia! Dat is ien fan de meast foarnaam útsjende manlju dy’t ik oait sjoen ha. Hij liket opmerklik op it portret fan Locke. Hij hat deselde djippe eachkassen.’

‘Hie Locke dan ek twa wite wratten mei hierkes derop?’

‘O, dat grif! As minsken fan in bepaald slach nei him seagen,’ sei Dorothea, en se die in stap-twa bij har wei.